

Sibe Kornelis Bakker

Jou ús de Heit te sjen

Frjentsjer, 17 maaie 1914

Psalm 103: 1, 11

Lofsjong, myn siel, lofsjong ús leaven Heare.
O, hert, o hertegrûn sjong tank en eare
Syn hill'ge namme, al wat is binnen my.
Lofsjong, myn siel, Him dy't dij 't swiete oereine,
Troch wolfeart, goed op goeddied, seine op seine,
Ferjit dy net, mar mitselje se yn dy.

Lofsjong God, al Syn hearkrêft grut ûnmjit'ne,
Lofsjong God, dy't ea tsjinnens God rjocht hiet'ne,
Dy't libje, dwaan en earnje nei Syn wil.
Lofsjong God, al Syn wurken grut en wûnder,
Yn Syn ûneinge hearskpleats; mar bysûnder
Myn siel, lofsjong God, swij dy doch net stil.

Wa't ea lústere nei it liet dat it minskdom op syn lange reis troch de ieuwen song, sil heard hawwe,
dat der ienselde toan trochhinne klonk, dat al mar oan deselde rigels kearden.

It liet fan it minskdom!

Machtich en fol klinkt it troch de hege sealen fan 'e tiid. It sjongt fan de grutte striid om it ljocht te finen. Ut de tsjusterens fan 'e djipte klimme se omheech, yn tichte rigen, de eagen stoarjend nei de fiere kimen, dêr't de ljochte dage riist. It paad is steil, en mannich ûnk driicht op har wei. Mar der is in djip en sterk ferlangst om alles te oerwinnen. Der binne guods, dy't falle en beswike op 'e swiere tocht. Der binne, dy't de moed ûntwykt en sitten geane oan 'e kant, mei bûgde hollen en sloppe hannen - mar hoe grut har tal ek is, hja kinne dochs net de gong omhegens tsinhâlde. It giet omheech, al stadich oan, de sinne temjitte. Fan dy heldetocht sjongt dat liet.

It sjongt fan blydskip, fan 'e reine berneloaits, fan it ljochte lok dat de jonge jierren yn 't herte drage, as de himel fan bliid ferwachtsjen iepen gie, fan de seine dy't der is om in muoisum wurk dat slagje woe, om in swiere plicht dy't trou folbrocht waard - heldere toanen klinke as it seit hoe't nei in eangstich-trochwekke nacht, de ljochte moarn in goudene gloarje rize, hoe mannich dei yn stoarm dage, ferstille yn in jûn fol frede ...

Mar dat liet, it kleit ek oer sûnde en skuld. Fan 'e tsjustere need sjongt it, dy't it kwea begearen bringt, al mar wer by eltsenien, ja, by elts minske. O, dy binne altyd meigien - hjir ek, doe't ús foarfaars har terpen bouden om har te befeiligjen tsjin it driigjen fan it wylde hêf - en letter doe't de eale hearen yn har stinzen sieten en elkoar befochten - dy gongen mei yn it skip dat nei fiere lannen sylde en mei rike bút wer troch stoarm en ûnwaar it lange paad nei hûs ta socht - en letter doe't de fabryksskoarstiennen de swarte reekplommen oer de fjilden waaie lieten en de stomboat de stiltme fan ús sulveren marren brik - altyd wenne ûnder de minsken de sûnde, de sûnde...

En dat liet ferhellet ek, hoe't ivich neist de minsken gong dat tsjustere wêzen mei de djippe, stille eagen, dat wy smert neame - hja wenne yn 'e stins fan 'e Martena's en Galama's, hja trêde neist de boer op 'e eker as hy mei it glânzjend izer rjochte fuorgen snie, hja siet by him yn 't lytshús en makke it brea dat hy iet wol bitter, hja slûpt tusken de mesines yn 'e gûnzjende fabryk - en hja sit yn it kantoar fan 'e hannelsman.

Fan dat alles sjongt it liet.

En no klinkt troch alles hinne altyd en oeral wer dy iene rop - út alle need en alle blydskip, út alle ljocht en alle tsjusterens riist altyd wer omheech dy iene bea om feilichheid.

Feilich wêze - dat is it wat de minsken fan alle tiden, fan alle lannen altyd wer witte woene: dat hja feilich binne en wol-bewarre, dat har libben net is in doelleas doarmjen fan tsjusterens nei ljocht, fan ljocht nei tsjusterens, dat it net is in sinleas kleien en joeien, mar dat oer al dat wuoljen en dringen weitst in Ivige Leafde - dat gjin sucht, gjin trien om 'e nocht hoeft te wêzen, dochts dat alle sykjen, alle wrakseljen, alle ferlies en alle winst op it ein syn rjochtfeardiging fine kin en syn ferhearliking yn it sikere witten, dat der boppe alles út in djippe rêst, in wûndere frede foar ús minsken weilein is.

Dit ferlangen, jimme fine it skreaun yn 'e runen op 'e boufallen fan it âlde Babel, it klinkt omheech út de grêven fan 'e Farao's, it trillet yn 'e psalmen fan it âlde Godsfolk, Grikelân en Rome sprekke it út, de âlde muontsen dy't de earste diken leine om ús heitelân wisten it, en de minske út 'e tweintichste ieu, de rêstleaze geast, de bodzjende stribber, tsjûget derfan.

Want altyd, altyd hawwe se djip yn har siele witten dat it libben sûnder ljocht en sûnder hope is, dat alles ûndraachber wurde moat, dat it earne minskeherte nea en nearne rêst fine kin, as hy net leauwe mei dat der in Ivige Loaits oer alles weitst.

Ja, dat rûst der troch minskdoms liet: it nea ophâldende ferlangen nei de sekerheid fan Gods leafde. Want út eigen krêften kinne wy it net fine, wat wy hawwe wolle.

Wy, kleare, o safolle wittende, nea rêstende, altyd wer fierder stribjende minsken - wa binne wy, dat wy yn alle need en muoite út eigen krêft dy frede fine kinne soenen, dy't boppe alle tsjusterens en bitterens it libben goed makket en fol fan in djippe blydskip?

Wa is der hjir, dy't sizze doarst: ik kin mysels frij meitsje fan alle kwea en sûnde, ik kin my sels hoedzje foar it tsjoede - och wy earne lytse minsken.

Ien ding, ien ding is ús nedich te witten: dat der boppe alle wanlûden út ien wûnderlike harmonije is. Wa't dat wit, dy wit genôch, waans earen dat ea hearden, dy wit te tankjen foar it libben, dy dwaalt net mear, hy ken it ljocht, dêr't allinne it heil yn te finen is.

En no is dat ivige ferlangen nea krêftiger, nea klearder werjûn as yn dat by al syn ienfâld trêftige wurd fan Filippus, doe't hy Jezus frege: 'Jou ús de Heit te sjen - dat is ús genôch.'

Jou Him ús te sjen: want de minske kin net oars libje as troch oanskôging. Jimme fersteane wol hoe oft ik dit mien: wy hawwe dan allinne wat oan ús oertsjûging as dy ús eigen is. Net wat oaren ús joegen, mar wat wysels fûn ha, heart ús ta; net wat wy fan hearren sizzen kenne, mar wat wysels mei eigen eagen seagen, kin in diel útmeitsje fan ús geastlike skat. En sa is it net frjemd, dat dit wurd fan 'e dissipel oernomd wurdt ek troch in party minsken út dizze tiid: Jou ús de Hear te sjen. Dan sille wy ús foar him bûge, dan sil der wer in ljocht komme yn ús libben.

Wy wolle Him sjen, sadat wy witte dat Hy is. Want wy kenne Him net mear. Wy binne Him kwyt. Ja, dit is it yn-drôve by safolle minsken yn ús dagen, dat hja djip yn har herte wol hymje nei frede en rêst en sillichheid, mar dat hja dy net fine om't hja ferlern hawwe it gelove yn de Heit - en no swalkje se hinne en wer, hja sykje it hjir en hja sykje it dêr, mar hja fine it net; hja steane mei lege hannen oan 'e kant fan 'e dyk en kleie dat it alles idelens is, dat in minske neat is as stof en ta it stof werkeart en dat it libben neat oars is as in lange, bange reis fol soarch en muoite en fertriet. Hja hawwe har himelske Heit ferlern.

Der wie in tiid - dat wiene de bernejierren fan 't minskdom - dat men Him oeral seach.

Hy hie syn bern op 'e ierde brocht, en dy wie ryk en myld, de sinne en de moanne hie Hy oan 'e himel ophongen om it minskene paad op 'e ierde te ferljochtsjen, de wyn joech Hy en de rein, alles foar syn bêst - sa as in Heit soarget foar syn bern, sa soarge God foar de minsken.

As de byljende stoarm bedarde en de grymjende see stil waard, dan sloech de seeman fol tankberens syn eagen omheech - yn dizze útkomst út swiere need seach hy de rêdende hân fan in Heit dy't each hie ek foar it lytse skûtsje dat dêr wraksele mei de wylde weagen.

Hy seach Him oeral, de minske fan eartiids - yn 'e ljochte stjerren oan 'e himel, yn 'e sêfte foarjierswyn, yn maitiids swiete blommepracht, yn 'e gouden halmen fan it nôt dat strielde yn 'e simmersinnejûn, yn it rûzjen fan it roaikjend reid - Hy wie mei syn ûnbegryplike goedens him altyd benei.

Yn dat gelove fûn hy rêst ek yn ûnk en need. Al drige 't leed, al grime 't lot, al moast hy ek syn brea

mei triennen ite - hy naam it berêstend oan: syn himelske Heit die it ommers foar syn ivich heil. Ek al ferstie hy dit alles net, hy woe wol leauwe dat it goed wie sa as it kaam.

N'twier, der huveret bytiden troch ús hert wol in stil ferlangen nei dy âlde tiden, doe't gjin twivel noch de minskene siele trochwuolle hie, doe't dit bernegelove noch yn al syn ienfâld libbe. Want dit is wol in hiel begearlik ding: sa yn 'e wrâld te stean, mei dit fêste gelove; dat jout moed en krêft en treast.

Mar dy sekerheid is by tûzenen ferdwûn. De âlde Pilatusfrage: wat is wierheid, is nea faker heard as ûnder de bern fan dizze tiden. Ek op it wide fjild fan it gelove.

Ja, dêr wie men ek net mear tefreden mei it oannimmen fan wat de âlden ús learden, men frege dêr ek oft de âlde tinzen wierheid yn har foarmen besletten hâlden.

God in Heit dy't foar syn bern soarget? Is dat sa? Jimme witte wat andert folle minsken jûn hawwe! Nee, en nochris nee, hawwe hja sein! Sa is it net!

Ik tink oan in man as Multatuli. Al de krêft, al de skerpens fan syn flymjende geast hat hy brûkt om dertsjin op te kommen. Rou en bitter klinkt syn spot, as er de gelovigen wiist op al it leed, alle wredens dy't natoer sjen lit. Is dat in Heit, freget hy, dy't oer al syn bern safolle ûnk en need bringt? Oan wa de skuld, dat dommen dom binne, swakken swak? Wa bringt de pestilinsje en de honger? Wa is oarsaak dat it minskdom wâdet troch streamen fan bloed? Wêr, wêr is hjir de Heit te finen? Ik tink oan in man as De Genestet, in man fan in hiel oare ynfieling, mar hy hat deselde dingen sjoen en deroer neitocht en hja hawwe him dizze wurden op 'e lippen lein: Natoer, wat skeelt hja dyn blydskip, dyn leed? Hja is einleas leaflik en sielleas wreed. Fol riedsels is it libben, fol riedsels it lot, de skepping dy bringt ús gjin leafdefolle God!

Ja, en dizze pynlike wurden, wy fersteane se: jo kuierje op sa'n moaie klare moarn, lykas dizze maitiid ús inkelde brocht hat, troch de fjilden. Alles bloeit iepen ûnder de goudene sinne. It is ien feest fan grien en blommen. Jo binne sûn en fleurich en jo herte laket de natoer blier temjitte.

N'twier, dan is der eat yn jo dat seit: ja, 't is wol sa, der is in Heit dy't foar alles soarget, dy't weitst dat neat ferlern giet yn 'e wrâld - mar dan hearre jo, lykas ik dit heard ha, de eangstige gûl fan in fûgel dy't troch in fijân beslûpt waard en dan sizze jo: Nee, nee, dat is net de wrâld fan in Heit!

Of jo sitte oan it strân. Foar jo leit it einleas wetterflak, blinkend ûnder de klare himel. Sêft sjongt de see har fredich liet! En jo dreame stil wei en der komme tinzen oan ûneinichheid en ivichheid yn jo siele, tinzen oan frede en rêst, en jo sizze: Ja, sa is it goed, de wrâld is fol frede en goedens en oer alles weitst in Ivige Leafde.

Mar dan sjogge jo lykas ik dat sjoen ha, súntsjes oandriuwen, op en del mei it deinen fan 'e baren, it oerskot fan wat ienkear in minske wie, en jo tinke deroan dat koartlyn in stoarm gûlde oer de see en dat jo lêzen hawwe, dat in skip fersplintere waard en jo sizze: Nee, nee, dêr yn 'e natoer fyn ik gjin Heit!

Of jo sitte mei jo wiif en bern yn 'e húskeamer. It lampeljocht skynt freonlik oer de tafel. Allegearre binne jimme rêstich by elkoar en fiele jim ien yn it witten dat in hillige bân jim ferbynt. 't Is krekt oft hjir gjin stoarm raze kin, oft hjir gjin need jim benei komme kin. En as jo dat alles, dat jo sa boppe alles leaf is, oansjogge en jo tinzen geane dy kant út, dan sizze jo: Ja, der is in Heit, fan wa't alle seine komt, ik tankje Him dat ik dit stille lok smeitsje mei; mar in wike letter sitte jo by it siikbêd fan jo berntsje, en syn holtsje gloeit en de siken ûntgean him en dokter seit dat it wol ris ferkeard gean kin - en dan kinne jo, al hoe graach jo ek wolle, gjin Heitehân fine yn wat natoer jo hjir lije lit.

Foar dizze dingen koe mannichien syn eagen net sletten hâlde, en doe is de twivel yn syn hert slûpt; soe dat wol wier wêze, dat âlde fan de Heit yn 'e Himel, dy't op syn bern past sa dat it tsjoede har foarby giet? Nee, nee, dat kin net wêze. Tûzen feiten binne der, dy't it lûd útrokke, dat it net wier is. De natoer, einleas leaflik, sielleas wreed - nee, dy lit ús gjin Heit sjen.

En dus: al dat sprekken oer God en syn Heiteleafde is neat as idele wyn fan wurden foar him dy't om him hinne sjoen hat mei iepen eagen. Dat mocht wier wêze foar ús foarfaars, dy't net sa skerp seagen, dy't net sa fier trochtochten - foar ús is dat foarby.

Sa binne der folle ûngelovigen komd yn ús dagen.

De wredens yn 'e natoer, de illinde yn 'e maatskippij mei har need en earmoed, har wylde kriich en

har felle haat en skrikbere hurdens - hoe folle berntsjes ferbloei foar de tiid as bleke blommen yn it skaad; hoemannich frommes moat net de dei bekleie, dat hja gong oant de poarten fan de dea en weromkaam mei it lok fan it jonge libben yn har earmen; foar hoemannich âld man wurdt net de grizens in lêst yn pleats fan in eare - dat alles hat harren sa djip yn 'e siele grypt, dat hja seine: Nee, by alles wat wier is en goed, by alles wat minsklik is en grut: der is gjin Heit yn 'e Himel, der is gjin God...

Der sil, tink ik, hjir wol gjin minske wêze, dy't dit alles net fan it begjin ta it ein meifiele kin. En sa wolle wy net ferachtsje dyjinge, dy't freget: Jou my dochs de Heit te sjen. Want ik ha Him ferlern. Ik soe wol yn Him leauwe wolle, want ik fiel dat ik heger help nedich ha om de striid tsjin it libben fol te hâlden. Ik wol my wol bûgje. Ik wol wol sizze: ús Heit dy't yn 'e Himel is - mar om de wille fan 'e wierheid: ik kin net.

Ja wy begripe dizze inerlike need. Mar wy sizze dochs: Nee, dat is net it lêste wurd dat ús tinzen en ús fielen sprekt.

Der is in oar andert, dat frede jout oan 't rêstleas freegjend herte. 't Is alles wier en dochs: der is in Ivige Trou dy't alles, alles omsletten hâldt.

De grutte fout dy't folle minsken meitsje is, dat se de Heit sykje dêr't hy net te finen is en dat hja ferjitte, dêrhinne te sjen, dêr't Hy Syn ljocht skine lit.

Yn 'e natoer, nee, dêr fynt men de Heit net. Yn dit ûneindich grut hielal, dêr't de stille stjerren lâns har fiere paden glide, dêr't de dagen blier binne fan 'e gouden sinneloaits, dêr't de stoarm geit troch neare novimbernachten, dêr't de see grommelet nei út, dêr't it bliere foarjier de blommen wekker ropt, dêr't de fûgel sjongt en syn fûle fijân him beslûpt - dêr sjogge jo oars neat as ûnûntwykbere needtwang.

De natoer ferkundiget ús God, ja, mar net as de Barmhertige, doch as de Hearlike, de Majesteitlike. Hy dy't de sinne alle dagen wer as in barnend wûnder de himel lâns fiert, dy't de ierde fêsthâldt yn syn fêste baan, dy't de hege beammen mei grien beklaait, dy't de stoarm stjoert oer 't eangstich lân en it hege opgjaldende wetter stil makket, Hy jout Himsels yn dizze grut-hearlike dingen net te sjen as de Algoede, mar as de Almachtige, as de Al-Iene, dy't alles byelkoar hâldt, as de Krêft fan alle krêften, it Libben fan alle libben.

As men nei de natoer giet en freget: Jou ús de Heit te sjen, dan swijt er en men bliuwt sûnder andert stean.

Mar freegje him: Wêr is de Almachtige, de Geweldige Heechhearlike God, dan sil er anderje mei tûzen stimmen: Sjoch, sjoch, dêr is Hy, yn wyngerûs en stjergeblink, yn blommemoai en sinneloaits, yn fûgelsang en seegebrûs. Dêr is Hy oeral en altyd. Dêr hearsket Hy as in kening. Hy hat dêr syn wetten jûn, syn izeren ûnferbrekbere wetten. Alles moat him dêrfoar bûgje. En dêr seit hy net: ik bin dyn Heit myn bern, sykje dyn treast by my, mar dêr sprekt hy: Ik bin dyn Hear, do, myn skepsel, sjoch hoe grut Ik bin en knibbelje del. Nee, wa't yn de natoer de Heit siket, dy fynt Him nea, dy fynt Him nearne.

Jo geane nei de skiednis en freegje: Jou my de Heit te sjen. It andert is: Sjoch út jo eagen. Ik lit jimm' sjen de sterke Al-geast dy't de minsken al mar foarút driuwt op Syn paden. Hy hat har Syn godlike wetten bekend makke, al njonkelytsen. Hy hat sein: Sa silsto libje. Dêr leit dyn wei, de wei fan de frijdom en de gerjochtichheid. Alle minsken binne dyn bruorren. Lear te libjen nei dat wurd. En al hoe domhûdich hja ek wiene, al hoe't se ek tsjinstribje mochten, hy liet se net los, hy dreau se fuort, al fierder op dy wei. Dat giet troch de oerhearsking en de slavernij, de kriich, de opstân hinne, mar dat giet omheech, nei de ljochte toppen dêr't de frijheids-sinne syn gouden glânzen struit. Sa binne bloed en triennen, klachten en soargen, mei sangen fan blydskip om wat fûn waard, de triedden wêrmeit de Hear it bûnte tekken wevet dat wy kenne as de skiednis fan it minskdom. En dat is hearlik as men dit sa sjen kin.

Mar dat is ús noch net genôch. Wy wolle mear sjen as de Grutmachtige Hear, mear as de sterke, trochsettende God. O, foar Him wolle wy ús bûgje, wittend dat wy neat binne tsjinoer Him. Nei Him kinne wy opsjen en sizze: Jo binne grut, o Heare, en fan jo Gruttens sjonge himel en ierde alle dagen wer in nij liet - en wy binne lyts. Op Jo kinne wy betrouwe om't wy witte dat Jo ús net bedrage sille, mar dat Jo ús liede nei Jo ivich doel.

Mar wy wolle mear. Dit helpt ús net yn ús neden en muoiten sa as wy holpen wurde moatte. It is ús net genôch te witten dat Ien alles-omgripende krêft de wrâld yn syn foegen hâldt, it is ússels noch net genôch, te leauwen, dat ienkear boppe alle eangst en tsjusterens út it ljocht fan frede en blydskip daagje sil, nee, hjir binne wy mei ús smerten en triennen, mei ús sûnden en kwea begearten, mei al ús lekken en brekken - wy kinne ússels net helpe - en wy wolle in Rêder hawwe, in Treaster; wy wolle de Heit sjen, dy't ús ken, dy't fan tichteby ús neden oansjocht, dy't ús no helpt en ús ús sûnden ferjout. En earst as wy Him kenne, kinne wy sizze: no is 't genôch, no hawwe wy alles dêr't ús hert nei longeret, lykas in hart, lang jage fan 'e hûnen, himet nei it klear koele wetter.

En dan sis ik jimme dat Hy te finen is. Mar dan moatte jimm' Him net sykje bûten jimme, net by de wyn en net by de see, net by wat it minskdom ûnderfûn op syn lange reis troch de ieuwen, ek net by wat fan bûten út dizze wrâld oer jimm' kaam - nee, net dêrbûten, mar yn jimm' eigen herte moatte jim Him sykje. Dêr, dêr wennet Hy en dêr sille jim Him fine as de ivige barnende Leafde. Dûk mar djip yn de siele, dêr sjogge jimm' Syn ljocht - lústerje mar goed nei wat der fan binnen klinkt, dan hearre jim wol syn gouden lûd.

Of is it net wier - doe't in swiere need oer ús lei en ús siele wie eangstich as in bern yn it tsjuster, doe binne wy gien yn 'e binnenkeamer, wy hawwe de doar skoattele en wy hawwe ús hert fan 'e wrâld en it wrâldske gewrimel ôfkeard en wy bûgden ús del yn djippe deemoed - is it net wier dat doe al njonkelytsen de smert ferstille? Wy, lytse, swakke minsken, is it net wier dat doe fier boppe ús eigen tinzen, ja, boppe eigen hope sels ús swakke krêft oansterke waard, is it net wier dat wy mear drage koenen as wy ea fan ússels tocht hienen? Wat hawwe wy ússels jûn? Dat wie de Ivige dy't yn ús opstie en ús swakkens yn krêft feroare.

Wa is der hjir, dy't sûnder sûnde bleau? O, dat kin sa sear dwaan, dat kin ús sa pleagje, te witten dat wy oars dienen as wy moasten, dat betinken: ik haw mis west - dat is slimmer as alle smert, slimmer as alle ûnk en need. Wa ken net dy oeren yn syn libben, doe't hy dizze bitterens drinke moast oan 'e lêste drip ta. Hoe soe it libben te dragen wêze as wy dat altyd meinimme moasten al mar oan, wêr't wy ek gyngen. Doe binne wy o sa ferbûke slûpt yn 'e iensumens en de stiltme hat ús krite heard: ik illindich minske, wa sil my helpe? N'twier - o, in wûnder fan genede is dit - doe wykte de flymjende pine út ús hert, doe koenen wy it drage om't wy opstienen as nije minsken mei in nije krêft, mei in nije hillige moed om fuortoan ús libben rein te hâlden en it kwea net mear te dwaan.

Wa sloech ús mei ûnrêst, wa makke dat dy sûnde, dêr't wy fan tochten dat er lok en noft bringe soe, as gleon izer barnde op 't hert; wa dreau ús yn 'e iensumens; wa pinige ús dêr? Dat wie it Ivige Hillige Libben dat yn ús opstie en dat ús sa fiele liet, dat wy it heechste skeind hienen, dat ús sa sei dat der foar ús in hegere wet skreaun is! Wa tilde ús boppe it kwea sa dat wy it yn al syn illinde begripe koenen en dêrtroch der yn dit eagenblik frij fan waarden? Wa tilde ús boppe it kwea sa dat wy it yn al syn illinde begripe koenen en dêrtroch der yn dit eagenblik frij fan waarden? Dat wie de Ivige sels dy't it ferdwaalde bern opsocht en him wer op it rjochte paad fierde.

En is it wol net bard, dat wy net wisten wat wei wy lâns moasten? It libben is sa frjemd en der binne safolle swierrichheden. En lang net altyd sjogge wy klear wêr't ús paad leit. Wy wolle wol goed, mar wat is goed? Wy wolle ús plicht wol dwaan. Wat is ús plicht? Wy libje tusken de minsken yn - wy sizze: alle minsken binne myn bruorren en wy wolle har op 'e bêste wize helpe. Mar wat is it bêste foar de minsken? O, it is net maklik om dit altyd dalik mar klear te witten.

Mar doe hawwe wy ús siel set op 'e allerheechste en it bêste dat wy kenne en wy ha wachte - ja, wy ha mar stil wachte - en al njonkelytsen kaam it ljocht, en doe seagen wy: sa moat it, dat is goed, dêr leit de wei en gjin minske koe ús mear de sekerens ûntnimme dat wy it no wol hiel suver wisten - dat wie de Ivige Wierheid dy't yn ús opgong as de sinne en ús toarre, tsjustere tinzen ljocht makke en waarm.

Sa libbet, sa wurket de Ivige yn ús hert. En dêrom sizze wy dat dêr binnen yn ús God Himsels ferklearret as ús himelske Heit. Fansels, ik wit wol, dit is byld en gelikensse, mar hoe kinne wy oer Him dy't ús heechste tinzen fier en fier te boppe giet, oars prate as yn byld?

Mar ik freegje, is dit net in byld dat ús de heechste Wierheid sjen lit, sa moai, sa suver, dat wy gjin better wurd fine kinne as dat âlde, fertroude: ús Heit dy't yn 'e Himel is.

O, God is mear as de Ivige hearlike Hear, dy't troch syn al-krêft alles draacht. Hy is mear ek as de

oermachtige Lieder, dy't syn bern troch need en muoiten nei it ljocht fiert. Hy is ús Heit dy't altyd hiel ticht by ús wennet. En wa't Him mei it each fan 't herte sa sjen learde, wa't syn hân ea fielde, dy sil, o ja, noch wol de oeren kenne, dat de twivel by him opspringt, mar dy sil der boppe-út dochs altyd wer seker witte dat it lêste wurd net is oan de twivel, mar oan it gelove, dat, al krimpt ek it herte fan smerte wei, sizze doar: En dochs, ik wit dat myn ferlosser libbet, ik wit dat in Ivige Trou oer my weitst; want hy kin net ferjitte dat hy yn 'e stilte ienkear flústerjen hearde: Myn bern, hâld moed, ik bin altyd by dy, yn libben en yn stjerren. Amen.